



moasje nû.	2
paraaf	
wurklistpunt	06

MOASJE, op grûn fan Kêst 29 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	PS 24 juny 2015
Wurklistpunt	06B 1e Berap Knooppunt Joure, tunnel Hollandiastrjitte

De Steaten, yn gearkomste by elkoar op woansdei de 24e fan Simmermoanne 2015,

Oerwaagjende dat

- Fan begjin ôf oan in tunnel foar de krusing A7 mei de Hollandiastrjitte de foarkar hie;
- In tunnel grutte foardielen hat foar de fytsers, wêrûnder groepen skoalbern;
- In tunnel minder lûdsoerlêst foar de omwenjenden opleveret;
- In tunnel ta in folle bettere lânskiplike ynpassing liede sil, passend by aard en skaal fan de omjouwing;
- By de ynteraktive wurkprosesses mei de omjouwing de omwenjenden en oare belanghawwenden unanym de foarkar útsprutsen hawwe foar in tunnel;
- Allinnich fanwege de kosten yn it OTB keazen is foar in fiadukt;
- Op grûn fan de Realisaasjeoerienkomst in tunnel as alternatyf meinommen is yn de oanbesteging;
- De finansjele dekking fan dizze tafoege 'lytse wurken' yn de Begruttingswiziging Programma 2 III nr. 1 by dizze Berap al regele wurdt út de RSP jilden;
- Oan gadingmakkers foar it wurk by de oanbesteging al frege is om in ûngelykflierse krusing yn de Hollandiastrjitte mei te nimmen en dat oer offertes en gunning foar 1 july in beslút falle moat;
- Konform de realisaasjeoerienkomst it oanlizzen fan in tunnel yn stee fan in fiadukt in scopewiziging is dêr't de Steaten oer beslute moatte;

Sprekke út

- Dat hja de yn de scope fan it projekt Knooppunt Joure in tunnel yn de Hollandiastrjitte opnimme wolle yn stee fan in fiadukt;
- De kosten foar de helte (50%) drage te wolle op de betingst dat de gemeente De Fryske Marren foar de oare helte stiet;

En fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- Konform de realisaasjeoerienkomst dizze bredere scope út te fieren;

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, Klaas Fokkinga
---------------	--